

## Jierfergadering Doarpsbelangen Blessum

Foarsitter Thom Miedema fan Doarpsbelangen Blessum kin op 26 maart yn 'e Marijetsjerke net allinnich doarpsgenoaten, mar ek it nije Waadhoeke-riedslid de heer Greidanus en doarpecoördinatoren de hear Dijkstra en mefrou Pauw fan Waadhoeke wolkom hite. De jûn begjint mei it yn stilte betinken fan Jetze Koster en Auke Attema, dy 't it lêste jier ferstoarn binne. Thom betanket de Blessumers dy 't by it ynriden fan de begraffenisauto en de folchauto 's oan 'e Buorren stienen.

De hear Ronald Dijkstra fertelde oer syn wurk as doarpekoördinator. Hy is ien fan de amtlik koördinatoren yn Waadhoeke mei syn 41 doarpen, 29 riedsleden, 4 wethâlders en sa 'n 46000 ynwenners. Dy 4 wethâlders hawwe allegear in tal doarpen tawiisd krigen. Kontaktwethâlder foar Blessum (en ek foar Deinum en Boksum) is wethâlder de hear Jan Dijkstra.

### Ferslaggen, foarsitter socht

De ferslaggen fan sekretaresse Aaltsje de Jong en ponghâlder Henk Jan de Boer wurde goedkard. De beide oare bestjoersleden, Trees Klaver en Thom Miedema, trede ôf. Foar Trees wurdt Ineke Attema keazen. Thom bliuwt noch foarsitter. It bestjoer is der noch net yn slagge in ferfanger foar him te finen.

### Begraffenisferiening

Bode Schouwstra wurdt wer foar in jier beneamd. Schouwstra ropt de oanwêzigen op in kodisyl yn te foljen sadat neibesteanden mei minder ûnwissens te krijen hawwe by slimme sykte en it ôfskie fan in dierber famyljelid of freon.

### Meidielings kommisjes

Jeroen de Boer hat de taak op him nommen de wepside en facebook Blessum oersichtlik en by de tiid te hâlden. Dat slagget fansels noch better as Blessumers sels ek 'nijs' oanleverje.

De Mini Byb(lioteek) is stiet wer mei nijsgjirrige boeken op it parkearterrein by de tsjerke. Margriet Reinalda en Durk Brouwer ha de kast wer te plak set foar de simmer.

Der sil wer in barbecue foar it hiele doarp hâlden wurde op 7 july by Richard en Margriet op it hiem

Op 'e eardere 'iisbaan' by de soarchbuorkerij leit grûn dy 't net skealik is foar de sûnens, mar wol foar in part net stoart wurde mei as agraryske grûn. Dy grûn sil wer ôffierd wurde moatte. It doarp rekkent derop dat dat gau en sûnder al te folle ferkearsoerlêst barre sil en dat der dan in kreas útsicht foar de bulten yn 't plak komme sil.

Jan Mennema, foarsitter fan de Pleatslike kommisje fan de Stichting Alde Fryske tsjerken meldt:

-yn 't ramt fan 'Tsjerkepaad' sil op film fraachpertearen mei Blessumers te sjen wêze oer hoe 't hja it wenjen yn Blessum belibje.

-it dak fan de tsjerke wurdt earder as ferwachte opknapt troch oannimmer Van der Vegt út Weidum. Der wurdt útsjoen nei it opknappen fan it gewelf yn tsjerke.

-op inisjatyf fan de 'Stichting Santiago aan het Wad' sil der foar 'pelgrims' fjouwer ienfâldige slieplakken beskikber wêze yn tsjerke. Wol 'bêd', mar sels soargje foar 'brochje' en 24 oeren yn 't foar oanmelde.

-de 'Stichting Vrienden van de Blessumer Kerk' soe graach mear finânsjele stipe krije om it ynterieur en de ynventaris yn goede steat te hâlden. Mear ynformaasje is te finen fia [www.blessum.info](http://www.blessum.info).

-Jan betanket de frijwilligers dy 't meiwurke ha om tsjerke en hôf kreas te hâlden. Hy neamt benammen Geert Geertsma foar syn grutte ynset.

-Der wurdt frege wa 't meidwaan wolle soe oan it opsetten fan in betinking fan ferstoarne famylje of kunde op Allerheiligen middels bygelyks it brânen fan in kers yn tsjerke.

De wurkgroep Sjoch! Blessum! hat de siden oer Blessum út de ôfskiedskranke fan Menameradiel wat oanpast. De bledsiden yn in list sille te besjen wêze yn tsjerke.

Catrien van der Molen hat yn de Feestcommissie/activiteitencommissie it plak ynnommen fan de nei Deinum ferhuze Amber Herrewijn. De nijjiersborrel en it mei eigen ynbring opsette buffet yn febrewaris wienen de muoite wurdich.

## Neipraat

Om goed 10 oere slút Thom de fergadering en kin, mei in drankje en hapke derby, ien en oar nochris oerpraat wurde, ek mei de fertsjintwurdigers fan de nije Waadhoeke.

YF